

## PARSEBERJOCHT

8 febrewaris 2021

### Lanlike listlûkers by Omrop Fryslân

In grut tal lanlike listlûkers sil de kommende wiken oanskowe yn in ekstra lange edysje fan It Polytburo, it politike programma fan Omrop Fryslân. De listlûkers Lilianne Ploumen (PvdA), Wopke Hoekstra (CDA), Mark Rutte (VVD), Esther Ouwehand (Partij voor de Dieren), Gert-Jan Segers (ChristenUnie), Thierry Baudet (Forum voor Democratie) en Kees van der Staaij (SGP) hawwe harren meiwurking tasein. Kommende freed, 12 febrewaris, sit Lilian Marijnissen fan de SP as earste listlûker oan 'e tafel fan It Polytburo.

Omrop Fryslân fynt it wichtich dat yn dizze tiid mei alle beheinings fanwege de coronakrisis, de listlûkers de kâns krije om dochs harren stânpunt yn de provinsje nei foaren te bringen. "Kampanje fiere op lokaasje is sawat net mooglik en dêrom hawwe wy de listlûkers oanbean om oan te skowen yn in ekstra lange edysje fan It Polytburo. In protte listlûkers binne dêr op yngongen en hawwe harren komst befêstige", sa fertelt Sybren Terpstra, einredakteur fan It Polytburo.

#### Alle freeds en ynsidinteele ek op tongersdei te sjen

Oant en mei 12 maart sit alle wiken in listlûker by It Polytburo oan 'e tafel. De langere edysje fan it programma is freeds te sjen fan 17.15 oere ôf. Ynsidinteele sille der ekstra útstjoerings fan it politike programma op tongersdei útstjoerd wurde. It Polytburo wurdt presintearre troch Andries Bakker en Eric Ennema.

#### Fryske keamerkandidaten en mear ferkiezingsnijs

Fryske keamerkandidaten foar de ferkiezingen komme fansels ek oan it wurd by Omrop Fryslân. Tal fan harren binne te gast by it nijsforum fan it radioprogramma Buro de Vries dat alle sneinen te hearren is. Dat en mear (Frysk) ferkiezingsnijs is de kommende wiken folop te folgjen fia de media fan Omrop Fryslân. Mei ek online ferhalen nei oanlieding fan de petearen yn It Polytburo en oare aktuele ûnderwerpen.

---

#### Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbylding: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

## PERSBERICHT

8 februari 2021

# Landelijke lijsttrekkers bij Omrop Fryslân

Een groot aantal landelijke lijsttrekkers zal de komende weken aanschuiven in een extra lange editie van It Polytburo, het politieke programma van Omrop Fryslân. De lijsttrekkers Lillianne Ploumen (PvdA), Wopke Hoekstra (CDA), Mark Rutte (VVD), Esther Ouwehand (Partij voor de Dieren), Gert-Jan Segers (ChristenUnie), Thierry Baudet (Forum voor Democratie) en Kees van der Staaij (SGP) hebben hun medewerking toegezegd. Komende vrijdag, 12 februari, zit Lillian Marijnissen van de SP als eerste lijsttrekker aan de tafel van It Polytburo.

Omrop Fryslân vindt het belangrijk dat in deze tijd met alle beperkingen vanwege de coronacrisis, de lijsttrekkers de kans krijgen toch hun standpunt in de provincie naar voren te brengen. “Campagne voeren op locatie is bijna niet mogelijk en daarom hebben wij de lijsttrekkers aangeboden om aan te schuiven in een extra lange editie van It Polytburo. Veel lijsttrekkers zijn daarop ingegaan en hebben hun komst bevestigd”, zo vertelt Sybren Terpstra, eindredacteur van It Polytburo.

### Iedere vrijdag en incidenteel ook op donderdag te zien

Tot en met 12 maart zit elke week een lijsttrekker bij It Polytburo aan tafel. De langere editie van het programma is op vrijdag te zien vanaf 17.15 uur. Incidenteel zullen er extra uitzendingen van het politieke programma op donderdag worden uitgezonden. It Polytburo wordt gepresenteerd door Andries Bakker en Eric Ennema.

### Friese kamerkandidaten en meer verkiezingsnieuws

Friese kamerkandidaten voor de verkiezingen komen natuurlijk ook aan het woord bij Omrop Fryslân. Een flink aantal van hen is te gast bij het nieuwsforum van het radioprogramma Buro de Vries dat elke zondag te horen is. Dat en meer (Fries) verkiezingsnieuws is de komende weken volop te volgen via de media van Omrop Fryslân. Met ook online verhalen naar aanleiding van de gesprekken in It Polytburo en andere actuele onderwerpen.

---

### Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeelding: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek van Omrop Fryslân: 058 299 7876.